Gouden horloazje fan “âlde” Jan Reitsma

(Foto: Rommert van der Meer)

Fan Rommert van der Meer út Meliskerke krigen wy bygeande foto’s. Dêrop stiet it gouden bûshorloazje dat syn âld-omke, de ferneamde Jan Reitsma sr., op 1 septimber 1895 by it 10-jierrich bestean fan de keatsferieniging Bolsward yn dat plak wûn hat. Reitsma (* 1869) wie doe yn syn bloeijierren. Hy hie dy deis steld mei Johannes Anema (kening) en Pieter Yetsenga. Boalsert, dat dus al sûnt 1885 in keatsferieniging hie, telde yn dy tiid hast likefolle mei as de PC.

It is wol nijsgjirrich om te fertellen hoe’t it horloazje yn it besit fan Rommert van der Meer kommen is. Jan Reitsma wie in broer fan Rommert syn pake, Anne Reitsma. Dy wie troud mei Catharine Faber. Anne en Catharine krigen fiif bern, wêrûnder Rommert, de omke fan ‘ús’ Rommert en Anna Wilhelmina. De lêste, de mem fan ‘ús’ Rommert, wie troud mei Albert van der Meer. Albert en Anna Wilhelmina krigen fjouwer bern, dêr’t ‘ús ‘Rommert de jongste fan is. ‘Omke’ Rommert soarge derfoar dat syn omke Jan Reitsma yn de oarloch tabak krych. Dy joech as tsjinprestaasje syn omkesizzer it gouden horloazje. Doe’t ‘omke’ Rommert, dy’t frijfeint wie, yn de jierren fyftich as komelker nei Lúksemburch ta gong, skonk er syn omkesizzer en namtgenoat Rommert it gouden horloazje.

De redaksje